

Hilarysk ferhaal oer twa jonges en in pjut

Anders Rozendal liket de auteur fan de lichte, realistyske roman wurde te wolle. Yn feite is er dat al: gie syn foarige roman *De baas traktearret* noch oer de problemen fan fabriksarbeiders dy't drige wurde mei reorganisaasje en ûntslach, syn nijste roman *Alles yn 'e macht* giet der justjes lichter oerhinne, is bytiden hilarysk en it ferhaal is mear fermaaklik as serieus. Myn krytyk op de foarige roman wie dat de psychologyske kant fan de haadpersoanen ûnderbeljochte wie of oars sein: it wie mear ferslach as roman. Dat is yn dit nije boek ek sa, mar dat is no net slim, want jo ferwachtsje mei sa'n ûnderwerp gjin psychologyske ferhannelingen.

TSJERK VEENSTRA

Alles út de macht hat trije ferhaallinen. Yn 'e earste ferhaalline giet it om de twa freonen, Albert Feenstra en Douwe Sinnema dy't út de Wâlden of de Stellingwerven komme. Se hawwe fakânsje en it giet bytiden in bytse nuver en need. Albert syn heit en mem binne mei in busreis nei Dútslân - in wûnder dat mem heit sa fier krijt - en Albert sil op hinnen, geiten en tûn passe. Albert is ICT-meiwurker yn Easterwâld en syn grutte freon Douwe is autospuiter. Dat komt goed út yn ferbân mei in ûngemak mei de klassike Mercedes fan Albert syn heit dêr't út noch yn net yn riden wurde mei troch sokke bysfeinten as Douwe en Albert.

Dan hawwe wy noch Albert syn suster Betty dy't in foarbern hat, Heine Albert. Albert sil in lyts wike op dat pjut passe op it âlderlik stee, want Betty hat in seeman troffen dy't no yn Antwerpen leit mei it skip en dêr sil se hinne. Yn it wyk-ein, as de maten te stappen sille, kin it jonkje dan wol nei Douwe syn mem. Mar dy hat yn dat wyk-ein al wat oars. Douwe moat wer in list betinke: se nimme it pjut gewoan

mei nei de disko, ferskûle ûnder in âld-model reinjas. Dat is ferhaalline twa. Dy rekket line ien as Douwe syn mem Douwe syn auto mei hawwe moat en se de Mercedes nimme, omdat Albert syn Golf by de garaazje stiet.

Yn feite wie dat al hast genôch foar in moai boek. It binne krekt dizze twa goed ferflechte ferhalen dy't in soad ferdiveadaasje jouwe: jo laitsje jo bytiden slop om de brike fiten, de snedige opmerkings fan benammen Douwe, in goeilike lijer oan oergewicht dy't Albert fyntsjes en grof op it harspit nimme kin en fansels om it omtôgjen mei de lytse, bydehante omkesizzer. De beide maten binne fansels yn de disko op frouljusjacht en jo kinne wol riede hokker grutte eagen dy moaie famkes opskuorre as dêr sa'n bûkemantsje foar it ljocht komt. Rozendal kin sokke sênes mei faasje en humor beskriuwe en it kloppet allegearre.

Dan hawwe wy noch de tredde ferhaalline en dêr bin ik wat minder oer te sprekken. Hiel tafallich komme de beide maten yn de kunde mei Reinder Bosma en Kees Lageweg dy't yn tsjustere saakjes sitte: stellene auto's en omkatsjen, soksawat. Op



Albert en Douwe nimme yn roman *Alles yn 'e macht* pjut Heine Albert mei nei de disko.

Foto: Alex Bouma

himsels sitte der ek wol wer aardige sênes yn harren speurtocht nei dy saakjes en bewizen dêrfan, mar it gehiel hinget fan safolle tafallichheden oaninoar dat je der as lêzer net yn leauwe wolle. Albert syn fallen foar Lia, de dochter fan Bosma, makket it wol needsaaklik dat se perfoarst nei dy disko moatte, mar dan rinne de dingen wer tefolle stomp en fersânent de yntrige.

Doare

De Mercedes wurdt troch Douwe hielendal oerspuite en hy is

krekt wer droech en klear as de grutske en soarchsume eigner út Dútslân wer werom is. 'Auto boem', seit de lytse Heine, mar fan de grutte Heine fernimme wy fierders neat. It ferwachte fjoerwurk bliuwt út en dêr mankearret it faker oan by Rozendal. 'Een boek moet op scherp staan', is in resinte útspraak fan skriuwer Arnon Grunberg. No hoecht it der fansels net altyd sa om wei te gean as by dy auteur mei it patint op sjokkearen, mar in bytse mear doaren is noait wei. Soene sokke mannen as Albert en Douwe

sa'n hiele fakânsje trochkomme sûnder seks en sels net ien tût?

Alles yn 'e macht is in aardich boek foar in pear noflikke oeren lêswille. Dat jildt ek foar minsken dy't ferstân fan auto's ha, want Rozendal soarget foar in nij elemint yn de Fryske literatuer: de technyk, sa't er dat yn syn foarige boeken ek al die, en dat is op himsels al in pree.

Alles yn 'e macht. Anders M. Rozendal. KFFB, De Fryske Boekklub, nûmer 431. Priis: 14 euro